

Ministearje Ynlânske Saken en
Keninkryksrelaasjes
O.f. Mr. J.J.M Uitermark
Postbus 20011
2500 EA DE HAACH

Ljouwert, 25 maart 2025

Ferstjoerd, **25 MAART 2025**

Ús merkteken : 02351458
Domein/ Team : Taal en Leefberens
Opsteld troch : M van der Plaats / (058) 292 82 31 of m.vanderplaats@fryslan.frl
Jo merkteken :
Taheakke(n) :

Ûnderwerp : Reaksje advys DINGtiid Lanlike Kennistafel Frysk (LKF)

Rju achte minister fan Ynlânske Saken en Keninkrykrelaasjes, rju achte frou Uitermark,

Yn novimber 2024 hawwe jo in advys fan Dingtiid krigen oer it ynstellen fan in Lanlike Kennistafel Frysk. It advys is oan it Ryk rjochte, mar om't Ryk en provinsje mienskiplik de ferantwurdlikheid en soarchplicht foar de Fryske Taal en Kultuer oer diele, wolle wy as Deputearre Steaten fan Fryslân jo in tal wichtige punten fan omtinken meijaan oer dat advys.

Allerearst falt it ús op dat yn it advys de moasje 36200 VII nr. 128 Romke de Jong oer útwurking wetlike soarchplicht net meinaam is. Net allinnich de Twadde Keamer hat frege om dy soarchplicht útsykje te litten troch in tydlike kommisje. Ek wy as Deputearre Steaten binne troch Provinsjale Steaten frege om yn te bringen dat de provinsje Fryslân it tige winsklik en fan belang fynt dat der in ûnôfhinklike lanlike kommisje komt dy't in advys útbringt oer de wetlike soarchplicht en ferantwurdlikheid foar de Fryske taal en kultuer dy't de provinsje Fryslân en it Ryk diele. Dingtiid brûkt yn it advysrapport in eigen definysje. De term soarchplicht stiet yn de Wet, mar krekt omdat eltsenien syn of har eigen ynfolling dêroan jout hawwe Twadde Keamer en Provinsjale Steaten frege de betsjutting neier te omskriuwen. Dit punt bliuwt ûnbeäntwurde en dat moat yn ús optyk noch wol barre om dit advys as folslein te beskôgjen. Dan pas hawwe wy beide foldien oan de moasjes dy't Keamer en Steaten oannommen hawwe.

Yn it advysrapport stelt Dingtiid foar om de struktuer fan it Europeesk Hânfêst en dêrmei ek de struktuer fan de BFTK oan te hâlden. Lykwols sitte yn de foarstelde gearstalling fan de Kennistafel net alle fertsjintwurdigers fan de ferskate haadstikken (domeinen) oan tafel. Dêrneist ûntbrekt yn it advys in stevige struktuer om alle Twadde Keamerleden, en sawysa de kommisjeleden fan de kommisje Ynlânske Saken te foarsjen fan de ynformaasje dy't ophelle wurde soe troch sa'n Kennistafel. Dêrneist ûntbrekke Steatekommisjeleden yn de foarstelde gearstalling wylst hja as gjin oar goed op 'e hichte binne en wêze moatte fan wat der spilet yn Fryslân rûnom it Frysk.

Fierder advisearret Dingtiid om ien kear jiers in gearkomste te hâlden. Wylst der yn moasje 36200 VII nr. 132 Bevers Van der Molen oer de ynstelling fan in lanlike kommisje Frysk frege wurdt om regelmjittich gear te kommen. De ympakt fan de foarstelde frekwinsje sil hiel leech wêze en dêrtroch kin net ferwachte wurde dat it Ryk syn ynformaasje-eferstân yn ferhâlding ta de provinsje Fryslân ynhelje sil.

Gearfetsjend binne wy as Deputearre Steaten fan Fryslân net oertsjûge fan de mearwearde fan de Kennistafel sa as dy no foarsteld is. Neist it ûntbrekken fan in tydlike kommisje om de soarchplicht út te wurkjen ûntbrekt in goed útwurke plan om de ynformaasje-eferstân fan it Ryk wier te ferlytsjen. Graach geane wy mei jo yn petear om te sjen hoe't better ynfolling jûn wurde kin oan de ferskate moasjes dy't ûnder it advys lizze.

Mei rju achting,

Deputearre Steaten fan Fryslân,



drs. A.A.M. Brok, foarsitter

drs. ing. J.J. Algra, sekretaris